

Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjaerddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39



© Foto Harmen Wiersma mei de nijbou

Nijbou Tsjaerddyk

nrs. 33, 35, 37 en 39

Nei de 2^e W.O. bestiet Folsgeare noch hieltyd út ien strjitte, de Tsjaerddyk, dy't gauris ek de Buorren neamd wurdt. Oan dizze strjitte stean de tsjerke, de skoalle, de pastorij pleats en sechtsjin, meast âldere, wenningen. It doarp hat lykwols ferlet fan nije wenningen want hierwenningen binne der hast net mear. De Tempel is ôfbrutsen en de wenningen oan it Streekje binne âld. Fan'e twa hierwenningen fan'e tsjerke, is it hûs oan'e noardkant ferkocht en it hûs oan'e súdkant fan'e Tsjaerddyk is âld en tige lyts.



De Tsjaerddyk om 1935 hinne

Oan'e linkerkant achter de beammen en de 'skytsleat' is romte foar nijbou.

foto: útjouwer v.d Meulen by Snits

Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjaerddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39

Dorpsbelang is der drok mei dwaande om nijbou te realisearjen. Yn 1948 is it safier dat der oan'e noardkant fan'e Tsjaerddyk, nêst it eardere tsjerkehûs, tsjin it hûs fan oannimmer Marten Eppinga oer, twa blokjes fan twa ûnder ien kap wenningen boud wurde sille.

Fanút syn wenkeamer kin Eppinga folgje hoe't de bou fan'e wenningen troch boubedriuw Feenstra út Nijlân ferrint. As der tidens de bou in swiere stoarm oer it doarp lûkt, lizze de kajuten fan'e nijbou op strjitte. Nettsjinsteande de tsjinslach wurde de sosjale hierwenningen yn 1949 oplevere. Se krije de nûmers Folsgeare 10, 9, 8 en 7.

Dizze nûmers wurde yn 1974 omsetten yn Tsjaerddyk 33, 35, 37 en 39 .

De wenningen wurde yn it begjin brûkt as arbeiderswenningen foar de boeren yn en om Folsgeare hinne.

Yn septimber 1949 ferhúzje Hendrik Johannes Oppenhuizen en Annigje Tjalsma mei harren fiif bern fanút Easthim nei it earste nijbouhûs yn Folsgeare, sjoen fan Nijlân ôf, nummer 33. Hendrik wurket by Hessel Boschma op Walma State.

Famylje Oppenhuizen



foto: Luke
Oppenhuizen

Hendrik

Johan

Minke

Jitty

Annigje

Maaïke en Luke

Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjaerddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39

Op nûmer 35 komme Minne en Eelkje Wiersma te wenjen. Minne wurket by Meinte Abma op Carpe Diem.

Wieger Boonstra is yn 1948 fanút Raarderhim yn it doarp kommen en wennet yn'e âlde komelkerij tsjin'e nijbou oer. Mei syn húshâlding ferhuzet hy nei nûmer 37. Wieger is arbeider by Maaie Reitsma op Suderburen.



foto útjouwer v.d. Meulen by Snits

Dirk Zandstra wurket by Heerschop op Tsjalhuzum en komt te wenjen op nûmer 39.

Sa kriget it doarp der yn koarte tiid 21 ynwenners by, in tanimming fan likernôch 10 %.

1964

Wybren Sweering met zijn zelfgebouwde boot, een 16 m², met op de achtergrond de

foto Wybren Sweering



Pieter Zijlstra is op sechtsjin jerrige leeftyd fanút de Wâlden nei Folsgeare kommen. Hy wurket as boerefeint by Abele Jongsma oan'e Folsgeasterleane. Yn it doarp moetet hy Luke Oppenhuizen. Se kinne it tegearre goed fine en beslute yn 1966 te trouwen.

Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjaerddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39

Pieter en Luke sette harren nei it houlik ta wenjen yn it âlderlik hûs fan Luke op nûmer 33.

Op it hiem fan it hûs is genôch romte foar Pieter om syn leafhawwerij, it hâlden fan geiten, út te oefenjen. Hy giet mei syn geiten nei in soad keuringen en wint in grut tal prizen.

LC. 02-10-1978



Eénjarigen op eerste plaats

LEEUWARDEN - De Frieslandhal vormde zaterdag het decor van de nationale geitenkeuring, die in een overweldigend succes voor de deelnemers uit deze provincie eindigde. De Friese inzending kon bij de éénjarige geiten op de eerste plaats gezet worden. De begeleiders - van links naar rechts Pieter Zijlstra uit Folsgeare, Fedde Hiemstra uit Wijnaldum, Jan Maat uit Langzwaag, Fokke Zwart uit Dokkum en Theo Wouters uit Heerenveen - waren er op gekleed een dergelijke plaats in beslag te nemen. Zie voor een verslag van de drukbezochte keuring pagina 11.

Douwe Posthuma mei gongelstôk op syn deistige rûntsje.

Links op'e foto de nije wenningen

foto: DB Folsgeare



Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjerddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39

De rêst op it buertsje wurdt yn 1984 efkes fersteurd wannear't der op nr. 35 in hûsútsetting troch de plysje driget te barren.



Ynwenners fan it doarp dy't yn ôfwachting binne fan'e hûsútsetting

foto L.C. 20-04-1984

De útsetting giet net troch mar goed in jier letter is it skeel tusken de bewenner en de wenningboustichting "De vier gemeenten" yn Wommels noch altiten net útiten en giet de útsetting dochs troch.



De bewenner wurdt troch de plysje yn in stoel it hûs út droegen.

foto L.C. 05-09-1985

Pieter Zijlstra hat ûnderwilens in soad súkses mei syn geiten. It giet him foaral om it meidwaan en it winnen fan prizen op keuringen.

Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjærddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39



1986

Pieter foar syn hûs mei in kampioene en har dochter.

Hy giet net yn op in bod fan fl. 1500 (sjoch ûndersteand kranteberjocht)

foto Pieter Zijlstra

Bod van f 1500

De prijzen van de geiten zijn de laatste jaren omhoog geschoten. Kon je een jaar geleden voor een goede melkgeit nog vijf- tot zeshonderd gulden krijgen, zaterdag kreeg Piet Zijlstra uit Folsgeare voor zijn kampioene een bod van vijftienhonderd gulden, „mar ik wol him net misse”. Sommige boeren die een geit voor zoon of dochter hadden aangeschaft, meer voor de bleek dan voor de beurs, krabben zich nu ook al achter het oor. „Twa-en-in-heal hûndert koe'k foar dat laam krije . . . Dan begjinst alris even te tinken”.

L.C. 29-06-1986

As Pieter ophâldt mei it hâlden fan geiten, wurdt hy karmaster. Dit werk docht hy oant hy 70 jier wurdt.

As de bern de doar út binne, wil Pieter graach wer werom nei de wâlden, dêr't er wei komt. Luke kaam lykwols al op har tredde jier mei har âlden yn it huis oan'e Tsjærddyk op nr. 33 te wenjen en wol der net mear wei. Dat Pieter en Luke wenje noch altyd yn deselde wenning.

Dorpscanon van Folsgeare

Nijbou Tsjerddyk, nrs. 33, 35, 37 en 39

Op'e nûmers 35, 37 en 38 wenje yn'e rin fan'e jierren wikseljende bewenners.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

*Foto's: Harmen Wiersma, Luke Oppenhuizen, Wybren Sweering, útjouwer van der Meulen
bv Snits, db Folsgeare, Ljouwerter Krante*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is
tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne
pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt
wêze, graach de redaksje ynformearje.*